

De binde fan Wylde Wytke

skreaun foar de Oerstek-musical fan 2003

as jim tinke wat is 't hjir in binde
dan jou ik jim hiel'ndal gelyk
it is yn de wrâld in ellinde
d' ien is earm en de oare is ryk

mar wy woll' dat wier net belije
bin' net gek, dêrom pakke wy ta
ja, wy soargje der foar dat wy krije
wêr't wy neffens ússels rjocht op ha

refrein: wy binne de binde fan Wylde Wytke
 wy bin net benaud foar de striid
 oerfalle de grutten en soms ek in lytske
 sa komme wy wol troch de tiid

in bank is foar deftige hearen
mar dat fine wy net sa dreech
wy helje se 't fel oer de earen
en skodzje har bûsen dan leech

yn postkoetsen kinst noflik sitte
dan likest sa feilich op reis
mar wy kin't fansels wer net litte
en wachtsje se op ûnderweis

refrein:

yn 'e kroech ha de dûnsfamkes wille
se dûnsje dêr jûns fan komsa
as wy dy no meinimme sille
kin wy der ek wille fan ha

want elkenien wol se befrije
dy famkes dy moatte werom
wy kinne it losjild wol krije
dat plan liket ús net sa dom

refrein:

© Doede Veeman